

Dit is it twadde tuskenprodukt fan it ûntwikkeleim Frysk. Op basis fan de fyzje hat it ûntwikkeleim bepaald wat de essinsjes fan it leargebiet Fryske Taal en Kultuer wêze kinne soene. 'Grutte opdrachten' wurde se by curriculum.nu neamd. Dy term wurdt wegens de oansluting by curriculum.nu oernommen. It formulêrjen fan grutte opdrachten is in stap tusken it formulêrjen fan de fyzje en it útwurkjen fan kennis en feardichheden.

Graach leit it ûntwikkeleim de grutte opdrachten foar it leargebiet Fryske Taal en Kultuer oan jo foar. Jo kinne reagearre op dizze webside fia de knop 'konsultaasjefragen' of jo kinne in feedbackgearkomste by ús oanfrege troch in mail te stjoeren nei: [secretariaat@kurrikulumf.frl](mailto:secretariaat@kurrikulumf.frl). Reagearre kin oant en mei 21 jannewaris 2019.

## De kearn fan it leargebiet Fryske Taal en Kultuer yn 'grutte opdrachten' - konsept

It leargebiet Fryske Taal en Kultuer rjochtet him op it learen fan Frysk en oer Fryske taal en kultuer. Dy beide ynhâlden fan it leargebiet steane net los fan elkoar, mar binne mei inoar ferweve. Se binne ek ferweve mei de tema's identiteit en (it Frysk tusken oare talen yn de) mienskip. Kultureel erfgoed is dêr in aspekt fan. Hjirûnder fersteane wy alle materiële en ymmateriële uteringen en spoaren fan minsklike hannelingen út it ferline en út it no dêr't wy as yndividu of mienskip yn Fryslân bewust of ûnbewust no in wearde oan hechtsje en dy't wy bewarre wolle foar de takomst.

Sintraal yn it leargebiet Fryske Taal en Kultuer stiet de learling as taalbrûker en taallearder fan it Frysk. It brûken en learen fan Frysk fynt net isolearre plak, mar yn kombinaasje en gearhing mei oare talen dy't op skoalle fan belang binne.

Betsjuttingsfolle konteksten binne it útgongspunt: taalgebrûkssituaasjes dy't betsjutting hawwe foar it brûken en learen fan Frysk en konteksten dy't betsjutting jouwe oan it learen oer Fryske taal en kultuer.

Taallearen is pas sinfol wannear't taal echt brûkt wurdt en der foar learlingen in beskate needsaak is om de taal, yn dit gefal it Frysk, te brûken. Dat hâldt ek yn dat it Frysk brûkt wurdt by oare fakken of by it wurkjen oan in tema of projekt.

It learen fan Frysk stiet sintraal yn de earste 'grutte opdracht'. De oare grutte opdrachten foarmje teffens konteksten wêryn't learlingen Frysk brûke en leare. Nocht oan taal yn it algemien, en oan Frysk yn it bysûnder, is in aparte grutte opdracht, mar spilet ek in rol by alle oare grutte opdrachten.

It ûntwikkeltiim hat de neikommende grutte opdrachten ûnderskieden en útwurke:

GO1. It is al begûn

Oer it ûntwikkeljen fan in sterke taalbasis foar de behearsking fan de Fryske taal, dy't trochboud op de taalbasis dy't learlingen thús en yn de foarskoalske setting ûntwikkele hawwe.

GO2. Sjoch om 'e hoeke

Om de rol en de wearde fan de Fryske taal en kultuer yn de Fryske mienskip te begripen is it fan belang om te witten hoe't Fryslân en it Frysk fan hjoeddedei him sa ûntwikkele hat.

GO3. The only iennige Du, You, Do

In ferskaat oan talen en kultueren soarget foar ferriking fan jinsels en fan de mienskip.

GO4. Stilstaan bij taal in beweging

Ast mear witst oer taal, wurdst dy bewuster fan dyn taalgebrûk.

GO5. Sin' en wille

Taalnocht soarget foar in libbenslange driuw (sin) om taal te learen en om mear oer taal te witten.

GO6. It ferhaal giet

Ferhalen binne brêgen nei de wrâld.

## GO1 It is al begûn ...

*Oer it ûntwikkeljen fan in sterke taalbasis foar de behearsking fan de Fryske taal, dy't trochboud op de taalbasis dy't learlingen thús en yn de foarskoalske setting ûntwikkele hawwe.*

### Relevânsje

Op skoalle ûntwikkelje alle learlingen in sterke basis foar de behearsking fan de Fryske taal, dy't trochboud op de taalbasis dy't sy thús en yn de foarskoalske setting ûntwikkele hawwe.

### Ynhâld

Learlingen ûntwikkelje in sterke taalbasis fanút in ryk taaloanbod. Dit rike taaloanbod is needsaaklik foar sawol learlingen mei in Frysktalige eftergrûn as foar dy mei in Nederlânsk- of oarstalige eftergrûn. Ofhinklik fan de taalgebrûkssituaasje wêryn't learlingen harren befine, leare se skeakeljen tusken taalfariëteiten mei de byhearrende registers. Sa leare se harren meartalich repertoire fleksibel yn te setten en bewuste karren te meitsjen om effektyf te kommunisearjen. In ryk Frysk- en Nederlânsktalich taaloanbod, gelegenheid ta taalproduksje yn betsjuttingsfolle taalgebrûkssituaasjes en refleksje op dat taalgebrûk binne needsaaklik foar in goede ûntwikkeling fan sawol produktive feardichheden (praten en skriuwen), reseptive feardichheden (sjen, harkjen en lêzen) as ynteraksjefeardichheden.

Learlingen wurkje mei Frysktalige mûnlinge, skriftlike, digitale en multymediale teksten mei in goede taalkwaliteit en in rike ynhâld. Ek is der in soad omtinken foar it (foar)lêzen fan rike Frysktalige teksten. Teksten fan goede kwaliteit binne teksten mei ryk taalgebrûk, fariearre wurdgebrûk ynklusyf leechfrekwinte wurden, en fariearre sinsstruktueren ynklusy gearstalde sinnen en ferbiningswurden. De ynhâld fan dy teksten wurdt ûntliend oan it eigen leargebiet (bygelyks taalfariaasje en taalferoaring) of oan oare leargebieten, bygelyks oer wrâldoriëntearjende, mondiale en persoansfoarmjende ûnderwerpen. Foar de taalûntwikkeling fan learlingen yn it Frysk is benammen ynteraksje tusken learlingen ûnderling en mei de learaar needsaaklik. Ynteraksje yn it Frysk funksjonearret ek as middel om te learen. Wannear't learlingen aktyf eigen bedoelingen en ideeën ûnder wurden besykje te bringen yn it Frysk en redenearyje, oefenje sy harren taalûntwikkeling yn it Frysk op alle nivo's.

## GO2 Sjoch om 'e hoeke

Jins dreamen no,  
jins skiednis skielk

(Út it gedicht *It lân, it lân* fan Tsjebbe Hettinga, 2012)

*Om de rol en de wearde fan de Fryske taal en kultuer yn de Fryske mienskip te begripen is it fan belang om te witten hoe't Fryslân en it Frysk fan hjoeddedei him sa ûntwikkele hat.*

### Relevânsje

Yn de Fryske mienskip libje minsken yn ferskillende relaasjes mei elkoar, fan yndividu nei húshâlding, nei mienskip fan doarp en stêd. It is in meartalige mienskip dy't iepen en dynamysk is. De Fryske taal spilet in rol foar alle ynwenners fan Fryslân en kriget foarm yn in ferskaat oan taalfariaasjes en taalsituaasjes. Taal is kommunikaasje, ferbynt en jout tagong ta kultuer en maatskippij.

Njonken taal meitsje skiednis en erfgoed in wêzentlik ûnderdiel út fan de kultuer. Wêrom binne de saken om ús hinne sa as se binne? It dielen fan taal en erfgoed oer en wer soarget foar ferbining tusken minsken en ûnderling begryp foar harren situaasjes. It draacht by oan de foarming fan in learling as dielnimmer oan de mienskip. Net alle minsken binne itselde. Dat ynsjoch is fan belang foar it ûntwikkeljen fan jins identiteit. Dat ynsjoch slút oan by de belibbingswrâld fan de learlingen en lit har fernuverje oer de wrâld om har hinne.

### Ynhâld

It is wichtich om ynsjoch te krijen yn de talige situaasje om dy hinne, mei fariaasje yn Frysk, Nederlânsk en oare talen (oarstaligen, gebaretaal). Dat kin op grûn fan tema's lykas taalferskaat en taalfeardichheden. Taal en kultuer krije it grutste aksint en is op ferskillende nivo's ta te passen. De trochgeande learline fan pjut oant boppebou fuortset ûnderwiis begjint ticht by hûs en giet hieltyd fierder en mear de djippte yn. In oersicht fan erfgoed en ynsjoch yn de skiednis om dy hinne. Wêrom is dyn leefwrâld sa as er is? Tink dêrby bygelyks oan lânskippen, gebouwen, bedriuwen, keunstwurken, plak- en strjitnammen, planten en bisten, ferhalen. Wat is/wie de funksje fan de beakens dy't wy no noch sjen kinne?

### Brede feardichheden

ICT, gebrûk sosjale media, kommunisearje, gearwurkje, kritysk tinke, problemen oplosse, kreatyf wêze en sosjaal feardich wêze.

## GO3 The only iennige Du, You, Do.

Miskien helpt it as ik dy sis  
Dat in oar noait witte kin hoe't it is  
Om dy te wêzen: Tu, Du, You,  
De iennige echte, The Only One

Dat sûnder dy gjinien dit koe:  
Hielendal Dy wêze, do bist gewoan  
De bêste en moaiste Do dy't ik ken  
En lit dat ek mar lekker sjen!

(Út 'The Only One' fan Syds Wiersma (Bondel 'It leafst bin ik in fûgel').

*In ferskaat oan talen en kultueren soarget foar ferriking fan jinsels en fan de mienskip.*

### Relevânsje

Bern en jongerein yn Fryslân groeie op yn in (mear of minder) diverse, meartalige mienskip, wêryn't it Frysk in aparte status hat\*. It Frysk fungearret dêryn as memmetaal foar in grut part fan dy mienskip. Yn dizze mienskip, mei it Frysk as twadde ryks- en minderheidstaal binne alle Fryskpraters, dy't ek Nederlânsk prate, meartalich. Troch globalisearing en migraasje is ek de provinsje Fryslân diverser en nóch meartaliger wurden. In ryk en fariearre brûken fan taal is wichtich om yn dy mienskip diel te nimmen. Kennis fan de eigen (streek)taal, de eigen kultuer en de eigen (mear)talige identiteit yn relaasje ta de wrâld en in iepen hâlding tsjin de talen en kultueren fan oaren oer, is nedich om op skoalle, en dêrmei yn de mienskip, goed gearwurkje en libje te kinnen. Dêrby fersterket it ek de ûntjouwing fan it Frysk. Oandacht op de berneopfang/pû/fû foar de ferskate thústalen is wichtich foar de

persoansfoarming en foar de taalûntwikkeling yn in oare talen. Dit kin liede ta mear begryp foar elkoar en sadwaande soargje foar ferbining yn de mienskip.

Dyn thústaal brûke kinne en meie, en kennis ha fan de memmetaal, iepenet doarren nei wa'tsto bist en wêze wolst as persoan. It iepenet finsters nei de wrâld.

### Ynhâld

Elk bern komt op de berneopfang/skoalle mei har eigen thústaal/thústalen. Dy tsjinje as fûnemint foar de fierdere taalûntjouwing.

Troch in positive hâlding fan pedagogyske meiwurkers en learkrêften oangeande it Frysk en de ferskate talen, en troch romte te krijen om de thústa(a)l(en) te brûken fielt de learling wurdearring, feiligens en krijt hy/sy selsbetrouwen. Dêrmei ûntstiet ek nijsgjirrigens nei oare (streek)talen, taalfariaasjes en kultueren.

Boartlike en motivearjende aktiviteiten mei ferskate talen (talesensibilisearring) drage by ta in grutter taalbewustwêzen fan learlingen en ta it ferkennen fan de Fryske- en oare kultuer(en).

In stevich fûnemint foar in positive hâlding oangeande it Frysk en oare talen wurdt foaral lein yn de berneopfang en yn de ûnderbou fan it primêr ûnderwiis.

Dêrtroch fielt in learling dat hy/sy part is fan in meartalige mienskip en dat it Frysk dêrby heart en dat it Frysk in wêzentlike ferriking is yn in meartalich repertoire.

Om foar te kommen dat de meartalige basis dy't learlingen krige hawwe yn de foarskoalske perioade ôfnimt, of ferlern giet, is it wichtich om yn te setten op in trochgeande line meartaligens foar berneopfang – primêr ûnderwiis en fuortset ûnderwiis.

Petearen en ûndersyk, benammen yn it fû, oer de ferskate (streek)talen, taalfariaasjes en kultueren fersterkje dit besef en jouwe ynsjoch yn de (eigen)

Fryske taal en kultuer, mar ek yn dy fan oaren.

Soks jout besef dat Fryslân in part is fan de wrâld.

#### Brede feardichheden

- oriïntaasje op dysels
- sosjale en kulturele feardichheden,
- gearwurkje
- kommunisearje
- kreatyf tinke en hannelje

*\* Het Fries heeft in Nederland een aparte status. Zo is het als enige erkend volgens deel III van het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden. Daarin zijn wettelijke voorschriften opgenomen voor het bevorderen en stimuleren van het Fries. Bovendien is het Fries sinds 2014 officieel erkend als tweede rijkstaal van Nederland. P.H. Wagemakers and Joh. Koopmans, via CCO*

## GO4 Stilsteun by taal yn beweging

Hoe't taal in hertslach wêze kin fan alle tiden,  
dy't ien op ien mei siken giet

(Elske Kampen)

*Ast mear witst oer taal, wurdst dy bewuster fan dyn taalgebrûk.*

### Relevânsje

Hast elk hat wol in miening oer it Frysk en oer de status dy't it hat. De iene is grutsk op syn Fryske taalachtergrûn, de oare skammet him derfoar. De iene fynt it supernijsgjirrich, de oare snapt it nut der net fan. Mei-inoar bepale de brûkers fan in taal wat goed Frysk is en wat net. Talen feroarje en dat hat alles te meitsjen mei hoe't dy taal troch de mienskip brûkt wurdt en hoe't der troch de mienskip oer de taal tocht wurdt. Dêr heart ek it besef by dat it ferskil tusken in taal en in dialekt in politike kar is.

As minderheidstaal hat it Frysk in kwetsbere posysje en dêrom is it wichtich dat de brûkers op 'e hichte binne fan harren eigen rol yn it behâlden fan dy taal (of net). Om it konkreet te meitsjen: sagau't in learling njonken it wurd 'sleutel' ek it wurd 'kaai' ken, wurdt it sizzen fan 'sleutel' in kar en is it net mear in fanselssprekkendheid.

Kennis oer talen, harren politike en taalynterne ûntjouwing en hoe't dy inoar beynfloedzje kin it entûsjasme oer taal fersterkje. Boppedat docht dy kennis wat

mei de attitude tsjin ferskillende (thús)talen oer.

### Ynhâld

Troch omtinken foar it Frysk as twadde rykstaal, de ûntjouwing en de status derfan, wurdt in learling him bewust fan syn eigen miening oer it Frysk. Hy begjint miskien ek wol oars nei te tinken oer syn eigen taalgebrûk en dat fan oaren. Hy sjocht wat taal betsjut foar in mienskip en hoe't talen ferbûn binne oan beskate sitewaasjes en beskate sosjale groepen. Fierders docht er kennis op oer taalfamyljes en taalhistoarje en dêrmei kin er it Frysk better posjonearje, oft er no sels Frysktalich is of net.

### Brede feardichheden

Kritysk tinken en bewust taalgebrûk hawwe ynfloed op de sosjalisaasje en de persoansfoarming. Fierders komme de folgjende brede feardichheden oan bod: sosjale en kulturele feardichheden, kommunikative feardichheden en probleemoplossend fermogen (watfoar taal kies ik yn watfoar situaasje?).

## GO5 Sin' en Wille

'No ja, no ja, want sin' en will'  
is mear as jild  
op skoal' en yn it fjild (2x)'

(Fariaasje op 'It Feintsje fan Menaam' wêr't de titel fan dizze 'grutte opdracht' op basearre is.)

*Taalnocht soarget foar in libbenslange driuw (Sin) om taal te learen en om mear oer taal te witten.*

### Relevânsje

Taal is net allinne in middel om te kommunisearjen en om te learen, mar hat ek in ekspresive en affektive funksje. Dy ekspresive en affektive funksje kin liede ta genietsjen fan taal en in positive attitude oangeande de Fryske taal en oare talen yn de maatskippij. Taalnocht kin liede ta de wil om mear fan de taal te witten te kommen en om persoanlike behearskingnivo's yn (Fryske) taalfeardichheid te ferbetterjen.

### Ynhâld

Dizze grutte opdracht giet oer taalnocht yn it algemien en nocht oan it Frysk yn it bysûnder. Dat bart troch oanbod dat

learlingen bysteat stelt om fan de krêft en de skjintme fan de taal te genietsjen (wille) en ek om har belibje te litten wat taal mei in minske docht/dwaan kin (sin). Dêrnjonken stelt dizze grutte opdracht learlingen bysteat om te reflektearjen op de fraach: wêr stean ik yn myn ûntwikkeling Frysk en wat wol ik noch mear leare? Fierders wurdt learlingen mei dizze grutte opdracht stimulearre om te eksperimintearjen mei taal.

### Brede feardichheden

Kreatyf tinke, sosiaal-kultureel feardich wêze, reflektearje en mei de rezjy fiere oer de eigen taalûntwikkeling.



## GO6 It ferhaal giet

### Ferhalen

Se swalkje troch de loft, se sweve yn 'e wyn.  
Se geane oer de takomst of oer tûzen jier ferlyn.  
Se sitte djip yn 'e grûn of se driuwe yn 't wetter,  
binn' fan juster en hjoed, fan earder en letter.  
Ferhalen dy roppe, se lûke oan dij,  
se sitt' yn dyn holle, se meitsje dy frij.

Gerrit Hoekstra

### *Ferhalen binne brêgen nei de wrâld*

#### Relevânsje

Dizze opdracht rjochtet him op it belang fan ferhalen foar de algehiele (taal)ûntjouwing fan learlingen en de taalûntjouwing yn it Frysk yn it bysûnder. Ferhalen yn al har ferskiningsfoarmen ferskowe de grinzen fan tiid en romte, ferlizze de hoarizon en helpe dêrmei by de bepaling fan plak en posysje ten opsichte fan dysels en fan de mienskip.

#### Ynhâld

Ferhalen soargje foar ferwûndering oer, greep op/begryp foar en refleksje op de wrâld. Ferhalen soargje foar tagong ta in ferskaat oan wurklikheden, mar ek ta fantasij. Ferhalen kinne oeral, altiten en troch elkenien ferteld wurde. De president fan de FS kin dat op de telefyzje dwaan by de betinking fan it ein fan de Twadde Wrâldoarloch, en beppe kin oan de itenstafel fertelle oer hoe't sy froeger as famke oan it boartsjen wie. Ferhalen kinne ek op papier stean, as koart ferhaal,

longread, novelle, roman, mar ek as gedicht of liet. Tekst kin gearrinne mei bylden (tink oan graphic novels en strips). Se kinne ek ferteld wurde yn de foarm fan films en games, en as harkspul en harkboeken. Se wurde delset op poadia as toanielstik en wurde bytiden fergeseld fan muzyk (musical, opera). Ferhalen komme dêrby net allinne op dy ta, mar kinne se ek, op al dy manieren, sels meitsje, fertelle en opskriuwe. Troch sels ferhalen te fertellen kinne bydragen leverje oan dyn eigen (kreative) ûntwikkeling, oan de 'klik-mei-de-ik'. Dat wol sizze datst de romte joust oan eigen ekspresjefeardichheden en dêrmei mooglikheden skepst om dysels te presintearjen. Sa leverst boppedat in bydrage oan it kulturele, narrative erfgoed fan de mienskip. By it uterjen/publikaasjes wurdt fanselsprekkend oandacht bestege oan it ferbetterjen fan de kwaliteit fan de eigen taalfeardichheid yn it Frysk.

### Brede feardichheden

Refleksje op taal, trunet  
foarstellingsfermogen oan, fergruttet  
ynsjoch yn minsk en mienskip, kritysk en

kreatyf tinken, kommunikaasje- en sosiaal-  
kultureelfeardich.